

Midsimmerjoun oan de Reidmar by Westhim

Allinkendewei foel de wyn der freed-to-joun 27 juny út oan de Reidmar by Westhim dêr 't hast oardelhûndert minsken by de Pöllepleats (bertesté fan Gerben Rypma, 1878-1963) op oanstean fan Sicco Rypma, foarsitter fan de Gerben Rypma Stifting, yn it tsjuster nei de stilte harken fan it omlizzende gea, nei 't de lêste klanken fan fioele en cello fuortskolpere wienen oer datselde gea. As in tekken tearde de stilte oer de lju (rounom wei, sels út Amearika, en der wie, út Veghel, in pakesizzer fan Wiebe Rypma, fotograef yn Warkum en broer fan Gerben) hinne, omfieme harren en foarme de ôfsluting fan de Midsimmerjoun. De fyfte alwer, blik út de iepeningswurden fan foarsitter Rypma.

Dizze pleats, in stjelp, foarme it decor foar it optreden fan twa topmusici fan it Koninklijk Concertgebouw Orkest, nammentlik Marc Daniël van Biemen, earste fiolist fan dat wrâldforneamde orkest, en syn confrater yn dat formidden, earder solo-cellist Godfried Hoogeveen. As duo spylje beide hearen hjir harren maidentrip. Spannend hoe 't dit mei de akoestyk fan de natûr útpakke sil. It inisjatyf foar it programma kaem fan Steven de Winter, farsk bistjûrslid fan de GR Stifting. Sûnder oerdriuwing kin sein wurde dat er it auditorium in tige noflike simmerjoun bisoarge hat, dy 't mei goudene letters yn it blazoen fan de GR Stifting fike wurde kin. Hwat in compassy mei de matearje, de komposysjes. Boppedat: de krektens, krêft en linigens fan de útfierde 'maneuvels' op de instruminten hie Olympyske klasse, wat in souplesse en graesje. Fingers en strikels dounsje oer de snaren, dy 't eartiids – wie it sizzen – dochs meast fan katteterms makke wienen. Net forwûnderlik dat de klanken dy 't yn fioele en cello opsluten sitte jin sa yn de bisnijing krije kinne as harren sa bisiele de frijheit jown wurdt.

Sa fyn as reach touterje de earste noaten fan Reinhold Gliere (berne yn Kiev) syn komposysje 'acht stikken foar fioele en cello' oer de miede, noch net sa lang lyn meand. Romantysk, dat is likernôch de oantsjutting foar de styl, neffens de útliz fan de fiolist en faeks bisibbe oan Tsjaikofsky. Sa folle is dúdlik: dizze net maklik tagonglike – mar dat jilde foar de hiele spyllist - muzyk, sa 't Van Biemen al yn in fraechpetear mei de Ljouwerter steld hie, freget bot technyk om dy muzikale, heech oploege weide hea binnendoarren to krijen. De beide hertstochtlik spyljende hantsjemieren –

boppe mjitte, dat wurdt dúdlik - witte hoe 't de strikel oer de seine moat om earst de miede yn breed swé om to lizzen, dan ta wurdzjen to swyljen en mei de tymbalke, de pûntsjer, yn reaken to jeijen.

Gerben Rypma hat syn dreamen hawn en fragen, mar – tink 'k - nea dreamd dat it plak dêr 't de sankjes fan ljurk, ljip, skries, reiddomp en oare fûgels him boppe de werklikheit fan it momint úttilden, op in moaije simmerjoun AD 2014 omtsjoend wurde soe yn Parnassus.

It muzikale weidloeyjen hat it duo gjin inkelde muoite mei. Linich wurdt de trijetine opstutsen en eltse foarkefol kreas omteard dellein op de haiwein, aloan heger opstâld. De strikels dounsje, noaten kopketommelje de loft yn, fingers tokkelje staccato yn glissando bylâns it harpaed fan de siele fan fioele en cello, altiid yn metryske kadâns, as aloan fierder marsjearende colonnes soldaten, dy 't hûndert jier tobek, roazen yn de loop fan it gewear, foar altiid de skiednis út marsjearden. De heech oploege weide kreaket en widzet nei de golle. In lêste twirre wirlewarlet tusken de mendoarren troch. De fuorman lit de leije fiere en de switskomjende guds – yn it sâlt bibiten - wit it. De dirigint slacht ôf.

De sonate foar fioele en cello fan Ravel is eins in soarte fan hommaezje foar/oan Debussy. De earste speten dounsje de amer yn. De cello rikketikket as in meanbalke yn de greide. Hearken: efkes mar, kloetet Charles Mingus oer de Reidmar... Tige bihearske tysket, boartet. twirret de fioele om it djippe soms mankelike lûd fan de cello hinne. Snjitterkes fan in simmerbuoike ritmysk tsjin de finsterglêzen smiten. Foller wurdt de amer. De cello gnysket as in lette strânljip him in hoart biselsskippet, de tsjokker wurdende skomkraech timperet stadichoan it lûd fan de komposysje, dy 't technysk sa lêstich is as de berte fan in earslings keal of foalle. Strikels, fingers, giselje, dounsje, streakje oer de snaren. In lêste oesdrip noch, fol. De sêft brûzjende skomkraech bikomt. It spantou los! Hoasfuotling glide de toanen de tzjems yn. De kat dêrnjonken longerjend wachtsjend op itjinge ûnmijber komt. Formidabel dy manlju.

Foar it skoft noch 'Duo foar fioele en cello' fan Zoltán Kodály op de spyllist. In stik dat neffens Marc Daniël van Biemen tsjinne hat as ynspiraesje foar it nisneamde stik fan Ravel. Magnifike technyk, brede klankkleuren, wikseljende ritme's

en tempi, magy, tsjoenderij fan de bêste soarte. Itselde kin sein wurde fan de útfiering nei it skoft fan Duo nr. 1 fan Bohuslav Martinú en Passacaglia fan Johan Halvorsen, dêr 't in thema út in komposysje fan Haydn as founemint fan jildt.

Nicolaas Matsier, skriuwer fan binammen koarte forhalen, skôgings, essays, ensafuorhinne, kaem nei it skoft oan bar. Hy jildt sûnt 1976 as de master fan it koarte forhael, doe 't syn earste bondel 'Oud-Zuid' útbrocht waard. Teffens skriuwt hy berneboeken; foar 'Ida stak een zebra over' krige hy de Zilveren Griffel. Foar de autobiografyske roman 'Gesloten huis' kaem er yn 'e bineaming foar de AKO- en de Libris Literatuurprijs, de Gouden Uil en de Europese Literaire Prijs. It lot bisleat oars, mar wol krige er dêrfoar de Mekkaprijs en de Bordewijkprijs. Syn lêste publikaasje is 'Het achtenveertigste uur' oer de problematyk om asylsikers hinne en de jurydyske aspekten dy 't dêrmei anneks binne.

Joun syn forhael 'Ik, Orpheus', tige tapaslik by it concert. Orpheus, de sjonger mei de liere, de noardske balke, hat yn it ramt fan Simmer 2000 namme krigen troch de útfiering oan de Bombrekken, deunby de Pollepleats eins, fan Orfeo Aqua. De reade line yn dat spektakel foarme it muziekdrama fan dy namme fan C.W. von Gluck.

Yn it skiere mytyske deistige libben is Orpheus de sjonger en dichter fan de Grieken. Syn sankjes en

spyljen bitsjoenden net allinnich de lju en de goaden fan doe. Sels de bisten harken graech nei dizze iere popartyst. (Si Bengkok kriget dat foarinoar yn de novelle 'Orpheus in de Dessa' fan Augusta de Wit).

Sels dingen sûnder siele rekken ûnder de bitsjoening fan syn keunst. Lykwols, it lot smiet dwerse kneppels. Syn faem Eurydice waard biten fan in njirre of soksoarte ûndier en stoar. Neffens de riten fan dy tiid forfart se op itselde stuit nei de Underwrâld, it ryk fan de forstoarnen, dêr 't de biwenners oant yn ivichheit as skaden harren dagen slite. Orpheus bisiket dan yn de Underwrâld, to kommen, dêr 't Hades de baes is, om har werom to heljen. Uteinliks kriget er gedaen dat Charon, de fearskipper, him oer de Styx, de rivier tusken libben en dea, boomket. En warempel, Hades lit him biprate. Eurydice mei nei de minskewrâld. Ien bitingst lykwols: Orpheus mei net omsjen nei har sa lang 't er net werom is yn dy minskewrâld. Dat slagget net, hy is to bitiid of sy is to let. Dat is it dilemma dêr 't Matsier syn Orpheus mei opskipet, en hy wit, it griist him oan, syn libben lang sil Eurydice as in skaed omtoarkje by Hades.

In mûsstil biharke intermezzo fan in joun, dy 't tsjin de klok fan healwei tolven de ein biroun hie.

(jpdHzn)